

Libje yn in ynrjochting

F. D. 20-10-7

troch Jaap Krol

Skrrik is it twadde boek fan skriuwster, byldzjend keunstner en De Moanne/Trotwaeresinsinte Elske Schotanus. Yn 2004 publisearre sy de ferhalebondel It griisstiennen wurd. Yn Skrik belanet haadpersoan Elke nei in psychoaze yn in psychiatryske klinyk. Har ferhaal begjint yn de isolear-sel en nimt ús mei nei de djippere krochten fan it brein, nei de úteinen fan de minslike ynteraksje, nei de wytste en tsjusterste keamers fan it sikehûs.

Sy sil dizze isolear ferlitte, mar dan begjint it gefjocht eins goed. It gefjocht tsjin medisinen, tsjin terapyen, tsjin de oaren - stêf en pasjinten. Sy sil ek it sikehûs ferlitte,

mar ienris op strjitte wurdt se konfrontearre mei it libben bûten de muorren fan de ynrjochting.

Ik doch de ynhâld fan dit boek mei dizze wol hiel summiere beskriuwing grut ynrjocht oan, mar ik wol graach wize op it net-ferhaal dat Skrik ek is. It is nammentlik ek in analyze fan in siel yn need.

It lêzen fan dit boek is dêrom in opjefte, sis ik yn earsten neutraal. Yn de holle fan Elke giet fan alles om. Ik bewûnderje Schotanus dan ek om har fermogen dit hast hunderfyftich siden lang yn wurden oer te setten, oft it no mei proaza, mei poëzy of mei in ferklearjende begripenlist is.

No in sydpaadsje. Skrik hat in frjemde flaptekst, dy't de klû alfêst priisjout en it hat oer in 'oertsjûg-

jende, krityske roman oer it bestean yn in psychiatryske klinyk'.

No wer werom. Miskien is it in tafallichheid, mar ik fûn it formaat fan it boek, mei in soad wyt-rigels en lytse haadstikjes, goed passen by de ynhâld. It jout de lêzer lucht, hy kin letterlik eefkes fanside sjen yn it wite neat. Want de ûndertoan is soms sa bitter, dat it romanpart it wolris ferliest fan it reële bestean. It libben fan Elke liket nerges hinne te gean. It wrakseljen, ôfjaan en spuien hâldt oan. Se wol har sielelibben fertelle en allyk it bestean yn in psychiatrysk sikehûs sjen litte, mar ferjit wolris dat de lêzer soms net mear kin.

Dochs hellet dit it boek net ûnderút. Schotanus har styl, byldzjend, realistysk, brutaal, lit dan

wol neat oan de fantasij oer, der falt in soad mei te libjen, in soad yn te fielen yn dit boek. De moaiste stikken út Skrik fûn ik dan ek de ynteraksje tusken Elke en de oare pasjinten, foaral as se wichtige saken besprekke. Dat it hjir giet om kroketten, is net om te laitsjen. Foar my wiene dit no just de dielen dêr't it boek syn yntinsje wiermakket. Moai wie de ûnderfining dat ik Elke doe in bytsje begriep, dat ik doe har sykte yn in breder perspektyf sjen koë.

No it sydpaadsje wer. Schotanus wol dan wol kritysk wêze oer de pasjintesoarch, dêr haw ik binne de muorren fan Skrik wol wat fragen by. Wêrom bygelyks is der noait in psychiater, in psycholooch, in geastlik fersoarger of in oare

terapeut oan it wurd? Wêr is de famylje? Op ien ferpleger nei, binne alle oaren sawat stimleas. Spitich, want Elke hat refleksje nedich - ek om't se, sa in neiwurd skriuwt, gjin feitlik persoan is. Troch de spesifike gefolgen fan har sykte ferriedt se te min fan harsels. Soms wreekt it tekoart oan fiksje en it surplus oan krityk oer it bestean yn dy psychiatryske klinyk him.

No wer werom, want ik wol ek wize op it boek dat Skrik ek is. It is dus net maklik om Skrik te lêzen. It is yndie in opjefte, mar in opjefte dy't de muoite wurdich is. In moedich, mar foaral in knap skreaun boek.

Elske Schotanus, Skrik, Utjouwerij Fryslân, Ljouwert 2007, 14,50 euro